



Wij kunnen in deze periode van Corona-crisis de Paasweek niet samen vieren. Daarom schrijven wij als voorgangers van de gemeente Westerwert en Nijkleaster een meditatie voor Witte Donderdag, Goede Vrijdag, Stille Zaterdag en voor Paaszondag. Wij schrijven de meditatie bij een afbeelding uit de Redbad-tsjerke in Jorwert. Wij hopen dat je de rust en stilte zult kunnen vinden bij het bekijken van de afbeelding en het lezen van de meditatie. De Nederlandstalige versie staat op blz. 3-4.

Meditaasje foar Goed Freed 2020

(troch ds. Hinne Wagenaar.)

‘Wir setzen uns mit Tränen nieder’

Sa klinke de wurden fan it slotkoar fan de Matthäus Passion: ‘Wy geane skriemend sitten en roppe Jezus yn it grêf ta: rêst sêft.’ It binne emosjoneel beladen wurden want Jezus is krekt yn it grêf lein en syn ferhaal liket út. Sy gean der skriemend by sitten en sjogge ferslein ta.

Op deselde wize is it doovjen fan de Peaskekears op Goed Freed ek sa’n emosjoneel beladen momint. Yn de tsjinst fan Goed Freed wurdt neffens de tradysje fierder lêzen op it plak dêr’t it Bibelferhaal op Wite Tongersdei ophâlden is: ‘Doe lieten de learlingen Him allegear yn ’e steek en naaiden út’. Dan folgje de ferhalen oer Jezus syn ferhoar, marteling en krúsiging. En wannear’t de wurden ‘Mar Jezus joech nochris in lûde skreau en stoar’ klonken hawwe, dan komt in diaken nei foaren en dovet de Peaskekears. Op de foto sjogge wy dat moment fêstlein. De reek kringelet noch omheech. It is dan in skoft mûsstil, de minsken hâlde de siken yn.

Goed Freed is in dei fan triennen, fan emoasje en fan fertriet. Dat wie sa yn Jezus syn tiid. Jezus wie mei syn freonen en freondinnen op 'en paad gien sykjend nei in nije wrâld, it Keninkryk fan God. Dat soe in wrâld wurde fol fan leafde en akseptasje, fol fan frede en gerjochting foar alle minsken. Underweis bliek dat de tsjinstân hieltyd grutter waard. Sawol de religieuze as de politieke liederen wienen bang foar feroaringen en foar machtsferlies. Jezus moast dêrom útskeakele wurde. Syn ferhaal, dêr moast in ein oan komme. Se mienden dat it grêf in goede karantêne foarme om dizze 'sykte' foar altyd it swijen op te lizzen. Logysk dat Jezus syn freonen ferslein wienen en dat se skriemend by it grêf sieten. Rêft sêft, Jezus...

Goed Freed is in dei fan triennen, fan emoasje en fertriet. Dat is hjoed-de-dei ek sa. Dit jier is it net sa yngewikkeld om de emoasje te beneamen. Yn dizze tiid fan 'e Korona-krisis gean ús gedachten út nei de famyljes fan de minsken dy't ferstoarn binne. Tinke wy oan de minsken dy't siik binne, oeral op ierde. Stean wy stil by de minsken yn it sikehûs en yn 'e soarch. Libje wy mei mei minsken dy't slim soargen hawwe oer har wurk of ûndernimming. It binne nuvere tiden en it skriemen stiet ús neier as it laitsjen.

Mar ek los fan de Korona-krisis binne der genôch soargen. Al folle langer ha wy te krijen mei in Klimaat-krisis. Grutte soargen binne der oer de skepping, ús mem de ierde. Ek hjoed-de-dei sykje wy as neifolgers fan Jezus om in nije wrâld. Om in wrâld fan leafde en akseptasje, fan frede en gerjochting. En dat fertale wy yn ús tiden nei de soarch om 'e skepping. Wy sykje nei wegen foar it behâld fan it ferskaat fan planten, bisten en minsken op dizze iene ierde. Faak steane de religieuze en politieke liederen yn it paad. Bang foar feroaringen en bang foar machtsferlies. Logysk dat wy hjoed-de-dei ek mei regelmaat ferslein binne en skriemend ús deljouwe.

'Wir setzen uns mit tränen nieder', de Peaskekears wurdt dôve. Dit binne de rituele symboalen fan Goed Freed. 'Moat dat beneamd wurde, moat soks no sein wurde? Der is ommers al safolle fertriet. Fertel leaver in posityf ferhaal.' Dy reaksje ha ik wolris krigen en ik begryp it ek wol. De beweging fan Peaske giet lykwols net yn in rjochte line omheech, mar giet troch de dea hinne. Om ta fernijing te kommen, moatte wy it âlde efter ús litte. Ek yn ússels! Om ta nij libben te kommen, moatte wy ôfskied nimme fan it âlde. Om in nije wrâld te krijen, moat it ûnrjocht yn it grêf efterbliuwe. Om de wei yn 'e rjochting fan in nij libben of fan in nije wrâld te gean, moatte wy it âlde dus ûnder eagen komme. En dan binne dy eagen fol mei triennen. Dy triennen binne goed, se suverje ús siel, se louterje ús libben.

'Segene: wa't treurje, want se sille treaste wurde', sei Jezus yn syn earste preek op 'e berch oan it begjin fan it Mattéusevangelje. Op dizze Goed Freed treurje wy, 'setzen wir uns mit Tränen nieder' om 'e Korona-krisis, om 'e klimaatkrisis en om al it oare fertriet yn ús libben. Mar wy sjogge út nei de omkear, nei de trest dy't komt. Hjoed is dat noch net oan 'e beurt. Earst komt de stilte en it wachtsjen fan Stille Sneon. Wy wachtsje op 'e tredde dei, sjogge út nei de trest fan Peaske!

Meditatie voor Goede Vrijdag 2020

(door ds. Hinne Wagenaar)

‘Wir setzen uns mit Tränen nieder’

Zo klinken de woorden van het slotkoor van de Matthäus Passion: ‘Huilend gaan wij zitten en roepen Jezus in het graf toe: rust zacht.’ Het zijn emotioneel beladen woorden want Jezus is zojuist in het graf gelegd en zijn verhaal lijkt over en uit. Zij gaan er huilend bij zitten en kijken verslagen toe.

Op dezelfde manier is het doven van de Paaskaars op Goede Vrijdag zo'n beladen moment. In de dienst van Goede Vrijdag wordt volgens de traditie verder gelezen vanaf de plek waar de Bijbellesing op Witte Donderdag gestopt is: ‘Daarop lieten alle leerlingen hem in de steek en vluchtten weg.’ Dan volgen de verhalen van Jezus' verhoor, marteling en kruisiging. Wanneer tenslotte de woorden ‘Nog eens schreeuwde Jezus het uit, toen gaf hij de geest’, dan komt een diaken naar voren en dooft de Paaskaars. Op de foto zien we dat moment vastgelegd. De rook stijgt nog omhoog. Het is een poos muissstil in de kerk, iedereen houdt de adem in.

Goede Vrijdag is een dag van tranen, van emotie en van verdriet. Dat was zo in Jezus' tijd. Jezus was met zijn vrienden en vriendinnen op weg gegaan, zoekend naar een nieuwe wereld, het koninkrijk van God. Dat zou een wereld worden vol van liefde en acceptatie, vol van vrede en gerechtigheid. Onderweg bleek dat de tegenstand steeds sterker werd. Zowel de religieuze als de politieke leiders waren bang voor veranderingen en voor machtsverlies. Jezus moest daarom uitgeschakeld worden. Aan zijn verhaal moest het zwijgen opgelegd worden. Ze meenden dat het graf een goede quarantaine maatregel zou vormen om deze ‘ziekte’ voor altijd het zwijgen op te leggen. Het is daarom logisch dat de vrienden van Jezus huilend bij het graf gaan zitten en zich verslagen voelen. Rust zacht, Jezus ...

Goede Vrijdag is een dag van tranen, van emotie en van verdriet. Dat is vandaag de dag ook zo. Dit jaar is het niet zo moeilijk om de emotie te benoemen. In deze tijd van de corona-crisis gaan onze gedachten uit naar de families van de mensen die overleden zijn. Denken we aan de mensen die ziek zijn, overal op aarde. Staan we stil bij de mensen in de ziekenhuizen en de zorg. Leven wij mee met mensen die zich erg bezorgd maken over hun werk of onderneming. Het zijn vreemde tijden en het huilen staat ons nader dan het lachen.

Maar ook los van de corona-crisis zijn er voldoende zorgen. Al veel langer hebben wij te maken met een klimaat-crisis. Grote zorgen bestaan er over onze schepping, moeder aarde. Ook vandaag de dag zoeken wij als navolgers van Jezus om een nieuwe wereld. Om een wereld van liefde en acceptatie, van vrede en gerechtigheid. En dat vertaalt zich in onze tijd naar de zorg om de schepping. Wij zoeken naar wegen voor het behoud van de diversiteit van planten, van dieren en van mensen op deze ene aarde. Vaak staan religieuze en politieke leiders in de weg. Bang voor veranderingen en bang voor

machtsverlies. Logisch dat wij vandaag de dag met regelmaat ons verslagen voelen en huilend gaan zitten.

‘Wir setzen uns mit tränen nieder’, de Paaskaars wordt gedoofd. Dit zijn de rituele symbolen van de Goede Vrijdag. ‘Moet dit benoemd worden, moet zoiets nu verwoord worden? Vertel liever een positief verhaal!’ Die reactie heb ik wel gekregen en dat begrijp ik ook wel. De beweging van Pasen gaat echter niet in een rechte lijn omhoog, maar gaat door de dood heen. Om tot vernieuwing te komen, moeten wij het oude achter ons laten. Ook in onszelf! Om tot nieuw leven te komen, moeten wij afscheid nemen van het oude. Om een nieuwe wereld te krijgen, moet het onrecht in het graf achterblijven. Om de weg in de richting van een nieuw leven te gaan, moeten wij het oude dus onder ogen komen. En dan zijn die ogen vol met tranen. Die tranen zijn gepast, ze zuiveren onze ziel, ze louteren ons leven.

‘Gezegend: zij die treuren, want ze zullen getroost worden’, zei Jezus in zijn eerste preek op de berg aan het begin van het Matteüsevangelie. Op deze Goede Vrijdag treuren wij, ‘setzen wir uns mit Tränen nieder’ om de corona-crisis, om de klimaat-crisis en om alle verdriet in ons leven. Wij zien echter uit naar de omkeer, naar de troost die komt. Vandaag is dat nog niet aan de orde. Eerst volgt nog de stilte en het wachten van de Stille Zaterdag. Wij wachten op de derde dag, wij zien uit naar de troost van Pasen!

